

(intro accordeon: Frysk Bloed Tjsoch Op...)

couplet 1: DÊR'T DE DYK IT LÂN OMKLAMMET, LYK IN MEMME-EARM HAR BERN
 DÊR'T DE WYLDE SEE JAMK FLAMMET, OP IN HAP ÛT FRISO'S HERN'
 DÊR'T DE STIENNEN MAN SYN EAGEN, STOARJE LIT OER FJILD EN STRÂN
 DÊR'T MEN EANGET FAN GJIN WEAGEN, DÊR IS'T LEAVE HEITELÂN
 DÊR'T MEN EANGET FAN GJIN WEAGEN, DÊR IS'T LEAVE HEITELÂN

overgang

couplet 2: WAT BIST TO LEAFLIK, RIZENDE SIMMERMOARN
 'T OPGEANDE SINTSJE LAKET MY OAN
 'T HOANTSJE KRAAIT KÛKELÛ, 'T DOKE ROPT RÛKÛKÛ
 IK WOL EK SJONGE FLEURICH FAN TOAN

tussenspel muzyk - kort!

ALLES WAT LIBBET, DOCHT DER NO SIENES BY
 FÔLTSJES EN KEALTSJES, HYNDERS EN KIJ
 GUOSKES DY SNETTERJE. SKIEPKES DY BLETTERJE
 LAMKES DY SPRINGE, NUVERE BLY

overgang

couplet 3: MOAI, SONDER WJERGEA BINNE DE WÂLDEN
 SMUK SKAADZJEND BEAMTEGRIEN OERAL YN'T RÛN
 BLIER LAITSJEND BOULÂN, TIERIGE GREIDEN
 SJONGENDE FÛGELS, SÂNICH DE GRUN
 SJONGENDE FÛGELS, SÂNICH DE GRUN
 MOAI SONDER WJERGEA BINNE DE WÂLDEN
 SMUK SKAADZJEND BEAMTEGRIEN OERAL YN'T RÛN
 OERAL YN'T RÛN, YN'T RÛN, OERAL YN'T RÛN

overgang

couplet 4: EEN FEINTSJE ÛT MENAAM, DY JAGET TROCH IT GRIENE WÂLD
 HY WIUWT TSJIN ELK JONGFAAM, YN HIEL DE WIDE WRÂLD
 NO JA, NO JA, WANT SIN EN WILL' IS MEAR AS JILD) 1 x herh.
 YN BOSK EN IEPEN FJILD, YN BOSK EN IEPEN FJILD

tussenspel muzyk - kort!

MYN RIKRAK FYTS FAN STÂL, IK RYD HIM TROCH DE HIKKEDAAM
 EN SET EK FUORT FAN WÂL, AS 'T FEINTSJE FAN MENAAM
 NO JA, NO JA, WANT SIN EN WILL' IS MEAR AS JILD) 1 x herh.
 YN BOSK EN IEPEN FJILD, YN BOSK EN IEPEN FJILD

LET OP: KORT EINDE!